

## **Ik wol it net witte**

Krekt healweis op reis

of trijekwart op paad?

Wurdt it kjeld of wurdt it skaad

hâlde wy in goed sin

of wurdt it bryk en min?

Hâlde wy de boel

goed oan 'e praat?

Kin' wy dat omdraaie

kin' wy dan útnaaie

of wurde wy wurch

en krije wy ús nocht?

Refrein:

Ik wol it net witte (3x)

Sjogge wy foarút

of sjogge wy werom?

Rinne wy rjocht

of rinne wy krom?

Bliuwe wy geef

of komme wy achter 't rút?

Dogge ús bern it better as ús

kin' wy dat stjoere

kin wy dat twinge

komme ús bern

as wy âld binne noch thús?

Refrein:

Ik wol it net witte (3x)

En as ik it al witte soe

dan koe ik der neat mei

dan gie de grize oer de grouwe

hast wol eltse dei.

Refrein:

Ik wol net witte (3x)

Muziek en tekst: Douwe de Vries